

## Tekst 1 Efterstâns situaasje yn Fryslân

1p 1 Hokker funksje hat de earste alinea?

- A De earste alinea jout de probleemstelling mei in anekdoate oan.
- B De earste alinea jout in gearfetting fan de tekst.
- C De earste alinea jout yn it foaren de konklúzje fan de tekst.
- D De earste alinea jout it ûnderwerp fan de tekst oan.

“Verhaar en Westering binne wittenskiplike ûndersikers”, stelt de skriuwer al daliks oan it begjin fan de tekst fêst.

2p 2 Wat suggerearret de skriuwer yn de dêrop folgjende sin?

1p 3 Hokker redenearring wurdt yn alinea 2 wjerlein?

Neam dy redenearring en brûk dêrfoar net mear as 12 wurden.

Yn alinea 2 steane trije fragen.

1p 4 Binne dy fragen retoarysk?

Motivearje it antwurd yn net mear as 15 wurden.

De skriuwer hat krityk op it lizzen fan in kausaal ferbân tusken folksaard en wurkleazens.

1p 5 Yn hokker stik wurdt dat ferbân lein?

- A Yn gjin fan beide stikken, de skriuwer hat dat ferbân sels betocht.
- B Yn het rapport ‘Kinderen in tel’ en ek yn it ûndersyk fan Verhaar en Westering.
- C Yn it rapport ‘Kinderen in tel’.
- D Yn it ûndersyk fan Verhaar en Westering.

Yn alinea 4 sprekt de skriuwer oer de twadde natuer fan de Friezen (r. 79).

2p 6 Is dy twadde natuer erflik bepaald of giet it om in kultureel ferskynsel?

Motivearje it antwurd yn net mear as 15 wurden en helje dat út de tekst.

De skriuwer hat it yn alinea 5 oer it Fryskeigene, in folksaard en in folkssiel.

Hy stelt dat dy trije begripen neffens Verhaar-en-dy mei-inoar ferbân hâlde.

Dêrmei wol er de konklúzjes fan Verhaar-en-dy oanfjochtsje.

1p 7 Wat kin fan syn argumintaasje sein wurde?

- A Dy argumintaasje is korrekt om’t de redenaasje fan Verhaar-en-dy net doocht.
- B Dy argumintaasje is korrekt, want it giet yn wêzen oer itselde begryp, besjoen út de sosjology, de psychology en de metafysika wei.
- C Dy argumintaasje is net korrekt om’t de skriuwer Verhaar-en-dy wurden yn ‘e mûle leit dy’t se net brûkt hawwe.
- D Dy argumintaasje is net korrekt, want dy wurden betsjutte neffens Verhaar-en-dy dúdlik net itselde.

- Yn alinea 6 wurdt fan alles nei foaren brocht dat beslút mei de stelling dat it begryp 'folksaard' in konstruearre fenomeen is.
- 1p **8** Wat kin fan dy útiensetting yn syn gehiel sein wurde?
- A De útiensetting is oertsjûgjend, want hy is basearre op heldere foarbylden.
  - B De útiensetting is oertsjûgjend, want hy bewiist dat der gjin folksaard bestiet.
  - C De útiensetting is net oertsjûgjend, want hy is basearre op ûnsinnige foarbylden.
  - D De útiensetting is net oertsjûgjend, want hy past net by de stelling.
- “As it in frjemd ... folslein minske.” (r. 126-130) is in miening.
- 1p **9** Fan wa is dy miening?
- A fan de minsken dy't jo de kost mar jaan moatte sille
  - B fan de skriuwer
  - C fan Maarten van Rossum
  - D fan Thorbecke
- 2p **10** Sitearje de twa sinnen fan alinea 6 dy't ynhâldlik itselde binne.
- “Dy't in bytsje ... neat doocht”, stelt de skriuwer yn r. 154-155.
- 2p **11** Wat is der tsjin op it brûken fan in sin as boppesteande yn in debat? Lis it antwurd út en brûk dêrfoar net mear as 15 wurden.
- De skriuwer fynt in opmerking as “de neger is lui” (r. 152) tagelyk in gefal fan generalisaasje en fan stereotyparring.
- 1p **12** Wêrom is “de neger is lui” in gefal fan generalisaasje?
- A Omdat de luiens sjoen wurdt as de wichtichste eigenskip fan negers.
  - B Omdat ien luie neger gjin bewiis is dat alle negers lui binne.
  - C Omdat it wurd 'neger' hjoed de dei in misledigjende betsjutting hat.
  - D Omdat mei it wurd 'de' yn dit gefal alle negers oantsjut wurde.
- De skriuwer fynt in opmerking as “de neger is lui” (r. 152) tagelyk in gefal fan generalisaasje en fan stereotyparring.
- 1p **13** Wêrom is “de neger is lui” in gefal fan stereotyparring?
- A Omdat de luiens sjoen wurdt as de wichtichste eigenskip fan negers.
  - B Omdat ien luie neger gjin bewiis is dat alle negers lui binne.
  - C Omdat it wurd 'neger' hjoed de dei in misledigjende betsjutting hat.
  - D Omdat mei it wurd 'de' yn dit gefal alle negers oantsjut wurde.
- 1p **14** Mei hokker sinpart yn alinea 7 makket de skriuwer syn eigen redenearring minder sterk?
- 2p **15** Wêrom doocht it foarbyld by it tredde argumint (r. 162-164) net? Brûk foar it antwurd net mear as 15 wurden.

- De ûndersikers beskôgje it Frysk folksaard as it aard, de wearden en noarmen fan de ynwenners fan Fryslân. (r. 14-16)
- 2p **16** Hoe docht út alinea 7 bliken dat dy fêststelling yn alinea 1 net doocht? Motivearje it antwurd yn net mear as 20 wurden en brûk dêr in sitaat út alinea 7 by.
- 3p **17** Wat is de ynhâld fan it Frysk-eigene neffens Verhaar-en-dy? Brûk net mear as 25 wurden.
- 1p **18** Mei hokker sin kin de tekst it bêste gearfette wurde?
- A** Dat yn de Flevopolder slimmere efterstannen sinjalearre wurde as yn Fryslân, is in bewiis dat it Fryskeigene net de oarsaak wêze kin fan de Fryske problemen.
- B** It Fryskeigene feroaret hyltyd, dus is it Fryskeigene net brûkber as in begryp foar wittenskiplik ûndersyk.
- C** It Fryskeigene mei net as de oarsaak oantsjut wurde fan de efterstannen yn Fryslân, al wie it mar om't net ien wit wat dat begryp krekt ynhâldt.
- D** Salang't it Fryskeigene net wittenskiplik ûndersocht is, meie der gjin wittenskiplike útspraken oer dien wurde.
- 2p **19** Hokker twa opienfolgjende alinea's falle bûten it spesifike ûnderwerp fan de tekst? Motivearje it antwurd yn net mear as 15 wurden.
- 1p **20** Wat is de bedoeling fan de tekst?
- A** ferdivedearje
- B** ynformearje
- C** oantrune
- D** oertsjûgje

## Tekst 1 en tekst 2

---

- 2p **21** Wat is ynhâldlik it wichtichste ûnderskie tusken tekst 1 en tekst 2 ast sjochst nei it begryp 'folksaard'?

## Tekst 2 Aristoteles en (Fryske) identiteit

---

- 19p **22** Meitsje in gearfetting fan tekst 2. Soargje derfoar dat dy gearfetting net mear as **200** wurden hat. Yn de gearfetting moatte de haadgedachte en de struktuer fan it orizjineel werom te finen wêze. Yn alle gefallen komme de neikommende ynformaasje-eleminten foar:
- oarspronklike betsjutting fan identiteit;
  - tsjintwurdige betsjutting fan identiteit;
  - it bestean fan groepsidentiteiten;
  - twa falkûlen;
  - it bestean fan de Fryske identiteit.